



2023-148650

MOASJE

Art. 49 RfO

Moasje oer in net op de agenda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 29 juny 2023.

Underwerp: In drinkwettertaap op elk skoalplein yn Noardeast-Fryslân

De ried,

heard it beried,

oerwaagjend dat:

- it Nederlânske drinkwetter kwalitatyf bekend stiet as it bêste fan de wrâld;
- 90% fan de Nederlanners bûten de doar leaver kraanwetter drinkt as boarnewetter;
- kraanwetter oan folle mear easken foldocht as flessewetter;
- de Klyster him ynset mei it projekt 'Ik bin natoer' om bern (en âlders) bewust te meitsjen dat drinkwetter tige wichtich is foar de sûnens;
- de Klyster it wichtich fynt dat der op elk skoalplein in drinkwettertaap komt;
- der yn ús gemeente in lokale JOGG-oanpak is yn de foarm fan "Sûn op eigen grûn", dy't skoallen ynformearret oer it bewust wurden fan harren sûnens troch de kampanje #Drinkwater;
- it drinken fan kraanwetter net allinnich miljeufreonlik is, mar ek in bydrage leverje kin oan it tsjingeane fan oergewicht;
- skjinn drinkwetter wichtich is foar bern en tagong ta skjinn en feilich drinkwetter bydraacht oan harren sûnens, fiedingssûnens, ûnderwiis en dus harren wolwêzen en ûntwikkeling;
- it wichtich is om bern tusken de 4 en 12 jier te stimulearjen om wetter te drinken: "Sûne jeugd sûne takomst";

is fan betinken dat:

- wy mei it oanbieden fan fergees drinkwetter op skoalpleinen temjitte komme oan it deistige mannichte wetter en de sûnens fan bern;

fersiket it kolleezje:

- ynsichtlik te meitsjen hoefolle skoallen der yn Noardeast-Fryslân binne dy't in drinkwettertaap ûntfange wolle, sadat skoallen oan de slach geane mei it stimulearjen fan it drinken fan wetter;

- ynsichtlik te meitsjen yn gearwurking mei de Klyster hokker kosten oft dat mei him meibringt;
- de befiningen fan dit ûndersyk mei de ried te dielen;
- op basis fan de útkomsten fan it ûndersyk in útstel mei te nimmen yn de begrutting fan 2024,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: R.J. Torensma (SIN) en B. van Dellen (FNP), VVD, BVNL, GBNF, CDA, fractie Tien, CU

Stimming	Foar: SIN, FNP, VVD, BVNL, GBNF, CDA, fractie Tien, CU, PvdA (26)	Tsjin:-
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 29 juni 2023.

De ried niisneamd,
de plf. griffier,

de foarsitter,

S. Kooistra

mr. J.G. Kramer